

10

Elk syn tinken

26

It byld

44

Bush movie

76

Grut en giel

88

Altyd brokjes?





mids de sinnebaan
swart-wyt eilân
ûnbeweechlik

Elk syn tinken

frou (f)

man (m)

stabij (s)

- f: ik bin gek op dy hûnen, ha dat altyd al west, sa lekker Frysk.
- s: frou is myn maat, mar ik bin meast de baas. No ja, hast dan.
- m: ik moat net sa folle fan dat swart-wite adhd-gefal ha. Mar ja ...
- s: man kin ferskriklik lulk op my wurde.
- f: ik kin der neat oan dwaan, moat altyd om him gnize. En dan dy eagen as er de kop op myn knibbel leit.
- m: ik bliuw oan it rúthimmeljen. Dy hûn slikket altyd op 'e ruten om.
- f: neat ûntkomt him, hy heart alles, álles; sa skerp.
- s: as de telefoan giet, kin ik gau even it kleedsje op de bank te pakken nimme, krekt of ha 'k in knyntsje yn 't nekfel. Hearlik!
- m: kinst it sa gek net betinke, hy slikket sels dyn broek ôf.



- s: ik fiel my altyd bliid, altyd fleurich. Wat in wrâld!
- m: en dan dat hier ... altyd en oeral dy swarte en wite hierren. No, se stofsûget sels mar.
- f: hy is wol ris wat oerprikkele. Krijst him hast net op 'e foto.
- m: eins wol 'k der neat mei te krijen ha, altyd wat mei dat bist. Wurdst der deawurch fan.
- f: hy hat gjin papieren mar is folle tûker as ús oare hûn dy't meters stambeam hie.
- s: ik bin gek op iepen tassen fan de besite. Dêr heart dan wol by dat ik daliks yn myn nekfel pakt wurd.
- m: gottegot, mar leafst trije jier in puppykursus folge en noch kin er him net fatsoenlik gedrage.
- f: hy wit om 'e bliksem wol watst wolst, mar moatst it wol híel bot wolle.
- m: ast der neat tsjin dochst, leit er nachts op ús knappe bank yn 'e keamer. Hy wol altyd ûnder de stok op. Da's syn spultsje.
- f: hy reagearret op alles wat beweecht, ge-wel-di-ge hûn. Dy frijheidssdrang fan him sprekt my oan.
- s: ik mei graach ris even útnaaie, prachtige omkriten hjir mei allegear kampkes skiep, lekker driuwe.
- f: kommando's yn 't Frysk, dêr moatst hiel konsekwint yn wêze.
- m: ik moat alles seis kear tsjin him sizze of roppe.



- Op 't lêst sleep ik him oan syn facht nei syn plak;
gjin hûn baas hjirre.
- f: ik fyts ek wol mei him. Mar as er skite moat, is 't
samar ynienen ho!
- s: ik bin gek op folk om 'e doar. En op doarren dy't
iepen gean.
- f: ast allinne mei him bist, is der neat te rêden.
En fierder ... ja, hy is wol wat boartlik.
- s: is man yn syn hobbyhok oan it wurk en ik mei der by
wêze, lis ik graach nei him te sjen.
- m: soms tink ik wol ris: wêrom wolle jo yn 'e goedichheid
sa'n wyldebist yn 'e hûs ha. It is in ongeleid projektyl,
hy makket noch krekt net de kuolkast iepen.
- s: ik hâld se in spegel foar: Carpe Diem! Moarn sjogge
we wol wer. Rûk ik dêr in stikje koeke op 'e tafel?
- f: hy is noch jong.

